

Dichterlik spul om de pc-bal¹

Yn 1883, by it tritichjierrich bestean fan de PC, waard foar it earst om de PC-bal keatst. Der stienen 22 partoer op de list. Dat fan Klaas Boorsma (Sweins), Auke Miedema (ek Sweins) en Sjirk de Wal (Dronryp) luts dy 1^{ste} augustus úteinlings oan it langste ein. Auke Miedema, dy't al 38 jier wie, krych nei ôfrin fan de wedstriid op it Sjúkelân de keningsbal eefkes omhongen. Wat doe mar in hantsjefol minsken wist (en dêrnei eins ek altiten stilhâlden is), wie dat der yn de wiken foarôfgeand oan de PC al spul om de keningsbal west hie. In rekonstruksje.


De oanlieding ta de PC-keningsbal

Yn Fryslân wie al sûnt mooglik de ein fan de 17^{de} ieu om sulveren (en in inkelde kear ek om gouden) ballen keatst. As wy de Ouwe Griep net meirekkenje, waard de lêste sulveren bal yn 1853 ferkeatst. Dy ballen wienen te beskôgjen as in soarte fan keningspriis.² Yn 1883 brocht de PC-kommisje (oprjochte yn 1853) in âlde tradysje ta nij libben troch it ynstellen fan in keningspriis, yn de foarm fan in sulveren bal. Fansels wie it tritichjierrich bestean in moaie oanlieding ta de bysûndere priis, mar de tiid wie der ek ryp foar.

Yn 1877 organisearre it Friesch Genootschap van Geschied-, Oudheid- en Taalkunde in grutte histoaryske tentoanstelling 'van oudheden en merkwaardigheden in Friesland voorhanden of betrekkelijk deze provincie elders bewaard'. It gelearde, út foar in grut part Hollânsk talige pommeranten besteande selskip liet op dy útstalling ek 'Voorwerpen en Platen, betrekking heb-

bende op Harddraverijen, Hardzeil- en Kaatspartijen' sjen en 'Prijzen, gewonnen bij eene kaats- of kolfpartij'. Dat koe sjoen wurde as in keurmerk foar de folksfermaken, sa't it hurddraven, hurdsilen, keatsen, kolven en hurdriden (dat ek op de útstalling fertsjin-wurdige wie) doe algemien neamd waarden. Se hearden ta de skiednis fan Fryslân, waarden as 'typysk Frysk' beskôge. Mei troch de ynset fan de PC wie it keatsen yn 25 jier tiid fan in net botte achtenearre drankfermaak ta in beskaafd folksfeest wurden.³

Doe't boppedat 'reporters van onderscheidene dagbladen' op in positive wize 'de noodige publiciteit' oan it 25-jierrich bestean fan de PC jûn hienen, achte de Kommissaris fan de Kening yn Fryslân, mr. Binnert Philip baron van Harinxma thoe Slooten, it yn 1880 tiid om de PC-wedstriid te besykjen. Hy die dat as gast fan de Frjentsjerter boargemaster Petrus Lycklama à Nijeholt. Bûten har beiden bestie it foarname selskip dy fjirde augustus noch út jonkhear Frans Julius Johan van Eysinga⁴, foarsitter fan de Earste Keamer, de Fryske Twadde-Keamerleden Willem Adriaan Bergsma en Franciscus Lieftinck, deputearre Jacobus van Loon en baron Willem Hendrik Feije van Heemstra, boargemaster fan Harns.⁵ De 'inrichting van ons volksfeest' foldie de hege hearen mar skoon, sa skreau PC-foarsitter Bogtstra en de kommissaris dieldie him 'eenigen tijd' letter mei dat er ta gelegenheid fan it 30-jierrich bestean yn 1883 'eene fraaie zilveren bal' oanbiede woe, 'welke bal jaarlijksch uit zijnen naam zou worden uitgelooft, bij wijze van



De Ouwe Griep (sjoch ek noat 14). Tekening Dominicus Cannegieter.]

koningsprijs zooals zulks in vroegere jaren gebruikelijk was.' It foarbyld foar de nije keningspriis wie de Ouwe Griep, de sulveren keningsbal dy't sûnt 1796 yn Froubuorren as wikselpriis ferkeatst waard en dêr't Froubuorsters no noch alle jierren om stride.⁶ De útfiering fan ien en oar waard 'mede' yn hannen jûn fan notaris Dominicus Cannegieter, 'als kenner der Heraldiek'.⁷ Dy hie yn 1862, doe't er op it notariskan-toar yn Froubuorren wurke, in tekening fan de Ouwe Griep makke.



Dominicus Cannegieter as jonge man. Argyf: Ann van Hall-Cannegieter.]

Dominicus Cannegieter (1842-1909)⁸

Dominicus Cannegieter (*23 oktober 1842 te Hallum, † 11 maart 1909 te Tsjom) kaam út in laach fan dûmnys, dokters en notarissen. Sa wie syn heit, Hendrik Gerrit, dokter yn Hallum. Fia syn mem, Sytske Bekius, wie Dominicus in folle neef fan François HaverSchmidt, alias Piet Paaltjes, de bekende dûmny-dichter. Nei't er kandidaat-notaris yn Froubuorren, Zelhem (Achterhoeke) en Molenaarsgraaf (Súd-Hollân) west hie, waard Cannegieter op 31 maart 1878 notaris te Tsjom⁹. Hy hie al op 17 novimber 1865 yn Den Haach it Notarieel Eksamen ôflein. Cannegieter troude op 21 augustus 1879 mei Trijntje Catharina Cundagunda Leeseekamp, in dûmnysdochter út it Súd-Hollânske Brandwijk. It pear krych trije bern: Hendrik Gerrit (1880), earst dûmny, letter sjoernalist en (lanlik bekend) skriuwer, Tjalda Petermella (1881) en Petrus (1883), ek wer dûmny.

It notarisamt te Tsjom waard gjin grut súkses. It is min mear krekt nei te gean oft Cannegieter syn sterke niget oan heraldyk, genealogy en lokale skiednis (dy't allegearre bergen tiid kosten en dêr't er in protte oer publisearre hat) it optimaal útoefjen fan syn wurk yn 'e wei stien hat. Wis is dat er yn finansjeel opsicht in protte lêst hân hat fan de grutte lânboukrisis (1878-1895). In grut part fan Cannegieter syn klanten bestie út boeren en doe't dy yn 't fallissemint rekken, koenen se har rekkens oan de notaris net betelje. Doe't dy yn 1909 tige ûnferwachts



Grêf fan Dominicus Cannegieter te Tsjom. Foto: Pien Breuker-van der Eems.

stoar, hied er safolle skulden dat oer lykmeitsjen net iens prakkesearre wurde hoegd. Blykber hie Cannegieter gjin kâns sjoen om yn de opgeande tiid nei 1895 de saken wer op oarder te bringen.¹⁰

De bal

Bogtstra en Cannegieter dienen har wurk: koart foar de PC fan 1883 wie de sulveren bal klear. De ryk bewurke earepriis befettet oan de iene kant it wapen fan de skinker, oan de oare kant in foarstelling fan de Frjentsjerter Keatspartij, sa't de PC doe noch algemien neamd waard. Fierder binne twa ynskripsjes oanbrocht: it iene jout oan dat mr. Binnert Philip baron van Harinxma thoe Slooten de skinker fan de bal is,



De foarkant fan de PC-bal. Foto Hommema. Argyf Keatsmuseum.]

it oare foarmet in njoggenrigelich Frysktalich gedicht. Al hoe nijsgjirrich oft bygelyks ek de keatsfoarstelling is¹¹, it giet my yn dit artikel allinnich om it gedicht. Ik sil dat no earst sitearje neffens de tekst sa't dy yn de orizjinele PC-bal¹² gravearre is:

Op 't Sté fen 't âlde Sjaerdema
Hat Fryslâns Haed van Harinxma



De achterkant fan de PC-bal, mei it wapen fan de kommissaris. Foto Hommema. Argyf Keatsmuseum.]

Oan Freantsjers warbre keatsersboun

My ta in earprijs jown,
For hwa, as Kening fen de dei
My yn de kampstriid woun.-
Sont gean 'k er elts jier roun,
Sa lang net 't fryske aerd stjert wei
En Freantsjer hâldt syn keatsersdei.

It *anonyme* gedicht is fan Jacobus van Loon, de earder neamde deputearre. Miskien is in koarte ynhâldlike taljochting op it gedicht nedich. Mei it 'Sté fen 't âld Sjaerdema' hat Van Loon it earder op it Sjúkelân steande, yn de jierren 1446 - 1449 boude en tusken 1705 en 1724 sloopte, slot fan Douwe Sjaerda¹³ op it each; it haad fan Fryslân is Van Harinxma yn syn kwaliteit as Kommissaris fan de Kening; 'Freantsjers warbre keatsersboun' stiet foar de PC (yn ús eagen oars net in keatsersbûn); de twa kear neamde 'my', ta beslút, is de PC-bal, dy't besjoen wurde moat as in wikselpriis ('Sont gean 'k er elts jier roun').

Wêrom't Bogtstra oan Cannegieter frege om him te helpen by de PC-bal

Dominicus Cannegieter hie him al foar 1883 ferskillende kearen mei it keatsen dwaande hâlden. It begjin lei yn 1862, doe't er as earste de histoarje fan de Ouwe Griep beskreau en ek in tekening fan de bal makke.¹⁴ Hy levere ek in bydrage oan de Histoaryske Tentostelling fan 1877. Dêrop wie net allinnich syn tekening fan de Ouwe Griep te sjen, der hong fan him ek in 'Teekening van twee wapenborden in de kerk te Hallum' (Cannegieter koe hiel goed tekenje).¹⁵ Hoewol't ik dêr net konkrete bewizen foar fûn ha, is it oannimlik dat Cannegieter de PC-kommissie yn 1878 by it 25-jierrich bestean advisearre hat by it oanbringen fan de wapens oan de tribunes.¹⁶ It giet om dy fan de provinsje, de trije kertieren (Eastergoa, Westergoa en de Sânwâlden) en de alve stêden.¹⁷ Yn dit ferbân is ek Bogtstra syn typearring út 1883 fan Cannegieter as 'kenner der Heraldiek' fan belang.¹⁸

Op 15 maart 1883 hâlde Cannegieter foar de leden fan it Friesch Genootschap in lêzing oer de histoarje fan it keatsen, taspitst op de skiednis fan de PC.¹⁹ Inkelde moannen letter die Cannegieter syn wurk by it ûntwerp fan de PC-bal. Ut wurdearring foar syn 'vele diensten' foar de PC waard er op de PC-gearkomste fan 18 july 1883 beneamd ta 'Honorair Lid van de Permanente Commissie der Franeker Kaatspartij'. It beslút kaam op 31 july yn 'e iepenbierenens'.²⁰

It 'offisjele ferhaal' oer de dichter en syn gedicht

De kranten (de Ljouwerter, mar foaral de Frjentsjerter) joegen wiidweidich omtinken oan de jubileumfeesten fan 1883. Foar har ynformaasje wienen se foar in grut part ôfhinklik fan wat Bogtstra, sels of fia in oare sprekker, op it jubileum nei bûten ta brocht. Dêrby kaam ek it ferhaal om de bal hinne mei it byhearrende, troch de kommissaris goedkarde reglemint foar de



Mr. Binnert Philip baron van Harinxma thoe Slooten, Kommissaris fan de Kening yn Fryslân (1878-1909).

keningspriis oan de oarder. Hoewol't beide kranten it gedicht fan Van Loon hielendal sitearren, neamden se syn namme net.²¹ Op himsels is soks noch gjin bewiis dat (op dat stuit) Van Loon syn namme net troch Bogtstra bekendmakke waard, mar it falt wol op dat beide kranten syn namme (en de deputearre wie fansels in earsten pommerant) net neamden. Stie it werklike ferhaal om it gedicht hinne it neamen fan nammen yn 'e wei? Opmerklik ek is dat Bogtstra nei ôfrin fan de PC-wedstriid yn 1883 syn huldigingstaspraak begûn mei it sitearjen fan Waling Dykstra syn (dus ôfwiisd) gedicht, sa't it liket sûnder syn namme te neamen. Fierderop yn syn taspraak helle er, mooglik wer anonym, Van Loon syn gedicht oan. De Frjentsjerter krante joech yn alle gefal beide nammen net yn har wer wiidweidich ferslach fan Bogtstra syn rede.²² Ek Waling Dykstra, skriuwer en sjoernalist, wie in grutte namme yn Fryslân. Men soe sizze dat de kranten by alle publisiteit om de PC-bal hinne wol graach de nammen fan sokke foaroansteande mannen jaan wollen hienen. En, ik haw it hjirfoar al eefkes neamd, op de bal sels wie de namme fan de dichter ek net te finen.

Sels hat Bogtstra him nei bûtenút ien kear dúdlik útlitten oer it tastânkommen fan it gedicht. Ik jou hjirre de ferzje sa't er dy yn 1893 - dus pas tsien jier nei dato - offisjeel fêstlein hat, nammentlik yn it troch him skreaune jubileumboekje by it 40-jierrich bestean fan de PC:

‘Nadat de medewerking daarvoor van eenige der meest bekende Friesche dichters was ingeroepen en waaraan ook door allen welwillend was voldaan, werden twee der meest toepasselijkste den Commissaris ter electie aangeboden, de een van den heer Waling Dijkstra van de volgende inhoud:

Hjir Fryske keatsers ha jim' hwet,
Dat for in keatser wearde het
Allinne om d'eare en oars om neat
Mar dy eare is eak onbidich great
Dèrom hwa keatser is en Fries
Moat hjit wêze op disse eare pries.

De andere van den heer Van Loon bovengenoemd mocht echter de voorrang behalen, zoodat deze dan ook op de zilveren bal gegraveerd is'.²³

Waling Dykstra (1821-1914) en Jacobus van Loon (1821-1903)

Waling Dykstra hie yn 1883 al lang grutte ferneamdens as Frysk (folks)skriuwer, as grûnlizzer fan de saneamde Winterjounenocht (foardrachten) en as útjouwer/redakteur fan ûnderskate Frysktalige tydskriften. Ek yn keatsrûnten wied er gjin ûnbekende. Sa hied er in gedicht yn it Biltsk op de Ouwe Griep publisearre (1863), fierder in gedicht 'By 't Priis-oerlangjen, op in Keatspartij' skreaun (1877) en yn 1882, dus in jier foar it útloven fan de PC-keningsbal, ek noch in lofdicht op de PC en dan foaral op de kommisje sels makke: 'Op 'e jierlykse greate keatsenij to Frjentsjer'.²⁴

Jacobus van Loon wie eigener fan in panwurk yn Húns. Hy stie alderearst bekend as stiper (ek finansjeel) fan 'de Fryske saak'. En fansels koenen de minsken him as deputearre. Syn belangstelling foar de Fryske skiednis kaam ta utering yn syn foar-oansteande rol by de Histoaryske Tientoanstelling fan 1877. Sa wied er skriuwer fan de 'Commissie van Toezicht'. Ynsidinteel sette er himsels ta skriuwen, yn haadsaak oer histoaryske ûnderwerpen. It foar it earst yn 1876 publisearre *Frysk Lieteboek*, dat Van Loon mei útjûn hat, befettet seis teksten fan syn hân. By myn witten hied er yn 1883 noch net earder oer it keatsen skreaun.

In rekonstruksje fan de werklike gong fan saken om it gedicht hinne

Tresoar bewarret trije brieven fan Dominicus Cannegieter oan Waling Dykstra, datearre op resp. 29 maaie 1883, 13 juny 1883 en 10 july 1883. Allinnich Waling Dykstra syn reaksje op it earste brief, datearre op 30 maaie 1883, is bewarre bleaun, yn it Keatsmuseum te Frjentsjer.²⁵ Dy brieven smite in hiel oar ljocht op de kar fan it gedicht en de dichter.

Yn syn earste brief oan Waling Dykstra joech Dominicus Cannegieter him (fertroulik) ynformaasje oer de PC-bal. De Tsjommer notaris hie ek in fersyk: 'Maar - en het is juist hierover dat ik mij tot U wend - bovendien zou men er gaarne een 4 of 6 regelmatig versje in het Friesch op hebben gegraveerd [...]. Het versje zou de strekking moeten hebben om de kaatsers met kracht aan te moedigen om dezen 'koningsprijs' te behalen.' Dykstra liet der gjin gers oer groeie: foar 't neist deselde deis dat er it brief krych, kaam er mei syn reaksje: 'Ik heb beproefd aan Uw vereerend verzoek te voldoen. Hierachter een zesregelig versje. Mocht dit geschikt worden bevonden voor het doel, dan acht ik de geringe moeite, er aan besteed, ruimschoots beloond.'²⁶

Cannegieter syn antwurd duorre wat langer, mar op 13 juny wie it dan safier. Hy betanke dêryn Dykstra foar it 'versje', 'ook namens de leden der Commissie ad hoc'. Dat Cannegieter te sprekken wie oer Dykstra

syn gedicht, die hiel dúdlik bliken út de lêste rigel fan syn brief: 'Op mijn voorstel worden uwe initialen onder het versje geplaatst.' De Tsjommer notaris koe ek tefreden wêze: Dykstra hie him kreas oan de opdracht hâlden: 'een 4 of 6 regelmatig versje', mei as strekking 'om de kaatsers met kracht aan te moedigen om dezen 'koningsprijs' te behalen.' (sjoch foar it gedicht it haadstikje hjirfoar).²⁷

Mar doe gong it mis, earne tusken de 13^{de} juny en de 10^{de} july. Cannegieter moast in 'spytbrief' oan Waling Dykstra skriuwe. 'Tot mijn leedwezen moet ik U schrijven dat de Franeker commissie der kaatsvereening wat voorbarig is geweest met het versje op den zilveren bal. Zoals gij weet wordt de bal gegeven door den commissaris des konings. De commissie meende gerechtigd – of liever gemachtigd te zijn voor den uitvoering te zorgen; maar zag zich hierin gedupeerd! Het schijnt dat men hieromtrent geen afspraak heeft gemaakt. De heer van Loon, lid der Prov. Staten, heeft, met behulp van anderen, een 8 regelmatig versje gefabriceerd dat nu dienst zal doen. Het moet nog door den heer Colmjon²⁸ worden nagezien. Het luidt aldus:

Op Sjaerda's slotgroun, "keale heij"
Hat Fryslans Haed mij joun,
Oan Frjeantsjers keatsersboun
For hwa, as kening fen de dei,
Mij der as earpriis woun –
Sont gean 'k der elts jier roun

Sa lang de folksaerd net stjert wei
En Frjeantsjer haldt syn keatsersdei.'

Yn in noat op syn brief skreau Cannegieter: 'Zonder *hulp van anderen* zou zulk een meesterstukje waarlijk niet klaar te krijgen zijn geweest.' Wienen dy positive kwalifikaasje fan it gedicht en it relativearjen fan Van Loon syn ynbring miskien bedoeld om ien en oar wat minder soer foar Waling Dykstra te meitsjen? Dat is him dan net slagge, sa't wy noch sjen sille.

It liket wol dúdlik: de kommissaris hat him ûnferwachts en yn in fierstente let stadium mei it gedicht bemuoid. It docht der net safolle ta oft er dat op eigen inisjatyf dien hat of (mei) op oantrún fan Jacobus van Loon. Dat de kommissaris him yn alle gefal ek sels jilde litten hat, mei bliken dwaan oan de úteinlike ferzje fan it gedicht: waard er yn de boppesteande tekst noch net eksplisyt neamd, yn it gedicht sa't dat op 'e bal kommen is, wurdt er mei namme neamd (sjoch it haadstikje oer **De bal**). Dêrtroch is it oarspronklik achtrigelig gedicht ek noch in rigel langer wurden (en foldie dus hielendal net mear oan de eask fan fjouwer of seis rigels).

In pikante bykomstichheid is dat neffens de earste rigels fan Van Loon syn gedicht de kommissaris de bal op it 'Sté fen 't âlde Sjaerdema', dus op it Sjúkelân, oanbean hat. Ek hjirre woe de kommissaris syn macht jilde litte. Hoewol't er fanwegen in ferbliuw yn it bûtenlân de bal net sels oanbiede koe, frege er ein

july Jan Bogtstra oant twa kear ta om de saken sa foar te stellen as soe de bal troch him 'op het kaatsveld zelf [...] zijn vereerd.' Ek Van Loon skreau yn syn brievekaart fan ein july oan Bogtstra dat de bal rekkene wurde moast 'op het kaatsveld zelve' fereard te wêzen, hoewol't er doe al wist dat de bal 'eerder' oanbean wurde soe.²⁹ Blykber hie Jan Bogtstra op dat punt syn sin trochdreaun: de feestlike en lange betinkingsjûn krekt foar de PC-wedstriid yn De Koornbeurs wie fansels ek in folle better momint om de bal goed, dat wol sizze mei in lange taspraak, troch in Frjentsjerter notabele foar Frjentsjerter notabelen³⁰, te presintearjen as de moarns fan de wedstriid gau-gau eefkes op it fjild. Dêrmei jouwe de beide earste rigels dus in ferkearde foarstelling fan saken fan it oanbieden fan de bal.

Waling Dykstra syn reaksje

Waling Dykstra wie fansels op in rare, sels ûnfatsoenlike wize bûtenspul set. Der kaam al yn it *Friesch Volksblad* fan 5 augustus 1883 (p. 3) in reaksje op de hiele affêre. Yn in ynstjoerd stik beklage Peke Toek Jr. (in skûlnamme uteraard) him oer de kwaliteit van Van Loon syn gedicht: 'De bal is wezenlijk mooi, alleen kan mij het Friesche versje daarop maar niet bevalen.' De skriuwer neamde twa punten: oars as de tekst oanjoech, hied er der neat fan 'vernomen, dat de Commissaris des Konings op de plaats van het oude Sjaerdema-slot stond en daar den bal overreikte. Integendeel. Dinsdag-avond stelde de Burgemeester uit naam van den



SJAERDEMA-SLOT TE FRANEKER.

Dominicus Cannegieter syn tekening fan it Sjaerdemaslot.

Commissaris den bal aan den commissie ter hand.
Dat wie ien-nul. Mar Toek die syn namme eare oan
en skoarde noch in kear.

'Lees ik dan verder:

'Sont gean 'k er elts jier roun,
Salang net 't Fryske aerd stjert wei
En *Freantsjer* hâldt syn keatserdei.'

dan moet ik zeggen, dat ik wel eens hoorde van een
beker, die rond ging, maar de bal is toch niet bestemd,
om elk jaar onder de kaatsers rond te gaan, om er b.v.
eene gelofte op te doen? Het is zeker eene dichterlijke
vrijheid, te zeggen: 'salang net 't Fryske aerd *stjert*
wei', maar ik ben een proza-mensch, en 't klinkt mij
alles behalve schoon en welluidend in de ooren.
Hebben wij geen Friesche dichters meer, die in staat
waren, een *goed* Friesch versje voor den bal te maken?'
Beide opmerkingen wienen raak: de keningsbal giet
net rûn, mar wurdt ferkeatst, it Fryske aard kin net
weistjerre (it wurd bestiet net iens), mar weiwurde of
eventueel útstjerre (al is dat wurd foaral op libbene
organismen as gehiel ta te passen).

In wike letter reagearre 'M' mei in ynstjoerd stik yn
itselde blêd op Toek:

'Toen Peke Toek in het vorig no. van dit blad eenige
aanmerkingen maakte op het versje dat op den zil-
veren bal werd geplaatst, welke aanmerkingen zeker
niet ongegrond zijn, en toen hij daarbij de vraag



De Mulierbal, mei wapens. Foto: Marten Aukes.

stelde, of er dan niet een Friesch dichter was, die een goed versje kon maken, kwam het mij niet ongepast voor, hier te wijzen op het versje, dat door den heer Bogtstra werd uitgesproken, en dat naar ik meen van de hand van W. Dijkstra is. Het luidde [folget Waling Dykstra syn gedichtsje].

Zou dit eenvoudig rijmpje niet een beter figuur op den bal hebben gemaakt dan dat hetwelk er nu op prijkt?’³¹

Wa ferskûlen har no achter Peke Toek en M? Beide wienen goed op de hichte mei de saak, beide gongen op details yn en M koe op Peke Toek syn fraach oft der dan gjin goede Fryske dichters wienen moai Waling Dykstra syn namme kwyt. It is wis dat Waling Dykstra mear fan har witten hat - oft er it sels al net wie. Dykstra wie oant en mei 1882 mei-redakteur fan it *Friesch Volksblad*. Hy lei mei yngong fan 1883 dy funksje del en die dat yn goed oerlis mei de oare redakteur, syn omkesizzer Oebele Stellingwerf. De reden? ‘Alleen de wensch om in eene zuivere verhouding tot elkander en tegenover het publiek te staan en zoo voor alle gebeurlijkheden gewapend te zijn, deed ons tot verandering besluiten’, sa skreau Stellingwerf.³² Mar der is noch wat.

De Waling Dykstra-hânskriften fan Tresoar befetsje it ynstjoerde stik fan M, mei dêrby yn Waling Dykstra syn hânskrift dizze oantekening by ‘den zilveren bal’: ‘Door den Commissaris des Konings vereerd aan den Franeker Kaatsclub. Het versje is gemaakt op verzoek van den heer Jan

Bogtstra³³, om het op den bal te doen graveeren. Maar het scheen mijnheer den Baron te mishagen dat het werk van zulk een nietig man zou vereeuwigd worden op een gedenkstuk, dat mijnheer uit zijn eigen zak had betaald.’³⁴ Waling Dykstra hie dus it ynstjoerde stik fan M útknipt en dêr hiel persoanlik kommentaar op jûn. Dat wiist sterk op syn belutsenheid by de ynstjoerde stikken fan Peke Toek en M.

Beslút

Nettsjinsteande it (knap ferburgen hâlden) spul om it gedicht hinne, wie de PC bûtengewoan wiis mei de bal. Allinnich al de namme fan de skinker joech dêroan de nedige status en dêrmei ek oan de PC-kommisje en de PC-wedstriid. Oare pommeranten woenen net achter bliuwe: Petrus Lycklama à Nijeholt, lykas sein âld-boargemaster fan Frjentsjer, stelde fuort al yn 1883 in sulveren medaille foar de PC-lkening beskikber en yn 1884 folge jonkhear Frans Julius Johan van Eysinga mei trije Gouden Willems foar it winnend partoer.³⁵

Waling Dykstra liket him fierder by de gong fan saken dellein te hawwen. Hy hie op himsels net folle reden om liik te wêzen op Dominicus Cannegieter: dy waard as boadskippejonge behannele. Dykstra seach (wierskynlik mei rjocht) foaral de kommissaris as it kweade bist. Waling Dykstra en Jacobus van Loon koenen inoar tige goed, ûnder oaren fan it Selskip for Fryske Tael en Skriftenkennisse, dêr’t se beide warber yn wienen. As de ferhâlding tusken har al bedoarn

west hat, dan wie dêr yn 1887 net folle mear fan te merken: ‘Yn de algemiene gearkomste [fan it Selskip] fen 1887, do ’t mynhear Van Loon, lyk as er trochstrings neamd waerd, 25 jier foarsittere hie, spriek de âlde dichter Waling Dykstra him ta:

‘Op folle dingen acht to slaen,
En al hwet dwaenlik wier to dwaen
For Fryslâns wolfeart, Fryslâns eare,
Wier jimmeroan jou doel, jou leare!’³⁶

Van Loon hat him nei 1883 ynsidinteel mei it keatsen bemuoid. Syn belangrykste *publike* bydrage wie in ynstjoerd stik oer de PC fan 1884.³⁷ Waling Dykstra publisearre noch inkeldris oer it keatsen. Sa printe er noch in pear kear syn gedicht ‘By ’t Priis-oerlangjen nei in Keatspartij’ ôf en joech er yn 1895 in moai wiidweidige beskriuwing fan it keatsspul.³⁸

Dominicus Cannegieter like syn bekomst wat fan de keatserij hân te hawwen. Hy publisearre yn 1902 de *Geschiedenis van Oud-Sjaerdema en Sjaerdemaslot te Franeker en hunne bewoners*. Hielendal oan de ein fan it boekje skriuwt er in wurdmannich oer de PC. It boekje begjint mei syn tekening út 1902 fan it ‘Sjaerdema-slot te Franeker’, sa te sjen ynspirearre op A. Martin syn werjefte sa’n fyftich jier earder fan itselde ûnderwerp.³⁹ Der wie oars al yn 1883 in konneksje tusken beide mannen: op foardracht fan Cannegieter en Bogtstra tekene Martin it ûntwerp fan de PC-bal.⁴⁰ Fierder hat Cannegieter noch heral-

dyske advizen jûn by it ûntwerp fan de Mulierbal, de sulveren wikselpriis foar ‘de Bond’, yn 1900 beskikber steld troch de bekende sportman en sportpionier Pim Mulier.⁴¹ Wynsen Faber, âld-haad fan de legere skoalle yn Pitebsbierrum, waard frege om in gedicht foar de bal te meitsjen. Dat is him bûtengewoan goed slagge: syn ek figuerlik út te lizzen fjouwerrigel is sels yn de nijste ferzje fan de *Spegel fan de Fryske poëzy* opnommen.⁴²

Auke Miedema hat grif neat witten fan de machtsstriid om it gedicht op de PC-bal. Hy sil mar al te bliid west hawwe mei syn keningskip. Oft er as 38-jierrige dy deis ek werklik de sterkste wie? Miskien hat de PC-kommisje - dy’t doe noch de kening oanwiisde - him earje wollen. Hy hie ommers fan 1867 oant en mei 1872 alle jierren de PC wûn, mar koe yn dy tiid noch gjin kening wurde. Syn maten fan 1883 - beide ek grutmasters - kamen al yn 1885 resp.1886 oan har trekken: yn 1885 waard Sjirk de Wal kening, in jier letter Klaas Boorsma.⁴³

Pieter Breuker

In alderearste útwurking fan dit ûnderwerp haw ik publisearre yn: Josse de Haan en Baukje Wytsma (red.). *Tuskenspul; keatsfreonen oer it keatsen; 100 jier KNKB*. Boalsert, 1997, pp. 118-121; ek yn: Pieter Breuker. *Oan de hang; in samling skôgingen, artikels en lêzingen oer keatsen, keunst en kultuer*. Dronryp, 1998, pp. 170-172.

Noaten

- ¹
- ² Sjoch: Pieter Breuker. 'De PC-keningsbal en syn foargongers'. Yn: *De Moanne*, jrg. 5 (2006), nû. 4, pp.12-16
- ³ Sjoch: Pieter Breuker. 'Acht eeuwen kaatsen; van Frans kloostervermaak tot Fries cultuurbezit'. Yn: *Leidschrift*, jrg. 23 (2008), nr. 3, pp. 39-62, foaral pp. 47-55.
- ⁴ Jonkhear Van Eysinga (1818-1901) wie sportyf oanlein. Sa hat er yn syn jeugd keatst. Sjoch: Breuker, o[anhelle] w[urk] noat 1, p. 97.
- ⁵ Sjoch: Jan Bogtstra. *Rede gehouden op den 30 Juli 1893 bij gelegenheid van de feestelijke herdenking van het 40-jarig bestaan van de Permanente Commissie der Franeker Kaatspartij*. Franeker, 1893, p. 37; 'Particuliere Correspondentie'. Yn: *Leeuwarder Courant*, 5 augustus 1880, p. 2 (dêr't bliken út docht dat it selskip de middeis om trije oere mei de trein yn Frjentsjer oankaam); Yme Kuiper. 'Van volksvermaak naar Fries sportfestijn'. Yn: Pieter Breuker en Jan Pieter Janzen. *De fiifde woansdei; 150 jier PC (1853-2003)*. Franeker, 2003, p. 30.
- ⁶ Op 29 maaie 1883 skreau Dominicus Cannegieter oan Waling Dykstra dat de PC 'een extra prijs [zou] wenschen uit te loven, bij wijze van 'de oude griep' te Vrouwenbuurt [...]. De bedoeling is dat de bal slechts tijdelijk in het bezit blijft van den overwinnaar, m.a.w. gelijk ik reeds zeide, bij wijze van 'de ouwe griep'. It neamde brief wurdt bewarre yn Tresoar.
- ⁷ Bogtstra, o. w. noat 5, pp. 37-38.
- ⁸ Der is in relaasje tusken it laach fan de Cannegieters en de yn 1960 (op 'en nij) oprjochte keatsferieniging 'Cannegieter' te Balk. Dy is, acht jier nei syn dea, neamd nei Cornelis ('Cees') Jacobus Cannegieter (*Hitzum 1878 - † Balk 1952), dy't op 1 juny 1898 skoalmaster te Balk waard. Dominicus Cannegieter en Cees syn heit, Gerben Cannegieter (* Furdgum 1849 – † Wytmarsum), wienen folle neven. Mei tank oan Henk en Mieke Cannegieter en fierder: http://www.langsdeluts.nl/persoonsgegevens/Cannegieter%20Cornelis%20Jacobus.html
- ⁹ Yn: P.C. Molhuysen en P.J. Blok (red.). *Nieuw Nederlandsch Biografisch Woordenboek*. Deel 3. Leiden, 1914, p. 203, in boarne mei gesach, wurdt 30 maart 1878 as datum neamd. Ik ha lykwols de 31^{ste} oanhâlden: dy datum stiet op syn grêf (sjoch yllustraasje nûmer 3).

- ¹⁰ Foar it libben fan Dominicus Cannegieter haw ik ûnder mear brûkt: genealogy fan de famylje Cannegieter; [Martin Engels]. *Dominicus Cannegieter 1842-1909; geschiedkundige publicaties en aantekeningen in schoonschrift; biografie* [út 1942 fan syn soan Hendrik Gerrit]; *inventarisatie van gegevens*. Provinciale Bibliotheek van Friesland. Leeuwarden, 1992; Henk en Mieke Cannegieter. *Brieven uit Hallum 1868-1878. Waarde Domin!* Hallum, s.j. [2007]; *Leeuwarder Courant* d.d. 17 maaie 1878, p. 12 resp. 13 maart 1909, p. 1; *Franeker Courant*, 14 maart 1909, p. 2; 'D. Cannegieter. †'. Yn: *Sljucht en Rjucht*, jrg. 13 (1909), nû. 11, pp. 127-128. Ik tankje Henk en Mieke Cannegieter te Veendam en Ann van Hall-Cannegieter te Bloemendaal fierder hertlik foar har help by it finen fan ynformaasje oer har oerpake resp. pake.
- ¹¹ A. Martin tekene it ûntwerp foar de bal, graveur W. van Erp soarge foar de útfiering. De keatsfoarstelling liket ynspirearre te wêzen op in tekening út 1880-1881 (publisearre yn *De aarde en haar volken* fan 1883) fan J.C. Greive jr. Sjoch foar in fergeliking: Pieter Breuker. 'De PC yn de keunst: in bloeiende relaasje'. Yn: Breuker en Janzen (einered.), o.w. noat 5, p. 208.
- ¹² Dit is de letterlike tekst yn de orizjinele bal, dy't yn in Frjentsjerter bankklûs bewarre wurdt (der wurdt neffens in freonlike meidieling fan âld-PC-foarsitter Jan van der Meij sûnt 1996 om in replika fan de bal keatst. Dy is makke troch juwelier Klaas Kramer.).
- ¹³ Sjoch oer it Sjaerdemaslot ûnder mear: Dominicus Cannegieter. *Geschiedenis van Oud-Sjaerdema en Sjaerdema-slot te Franeker en hunne bewoners [...]*. Franeker, 1902; Alexander Jager en Meindert Schroor. 'Het Sjaerdemaslot te Franeker'. Yn: *Fryslân*, jrg. 4 (1998), nû. 1, pp. 21-23.
- ¹⁴ D[ominicus] C[annegieter]. 'De 'ouwe griep,' te Vrouwenparochie. (Met eene Afbelding) [oanfold mei in gedicht fan Waling Dykstra op 'De oue Griep' [pp. 114-116]. Yn: *Nieuwe Friesche Volks-Almanak*, jrg. 11 (1863), pp. 110-113. Der kaam nei de publikaasje fan Cannegieter en Dykstra mear each foar de Ouwe Griep, bygelyks yn: H. de Jong en S.K. Sipma. 'Van Leeuwarden over 't Bildt naar Harlingen'. Yn: Mr. A.J. Andreae e.o. *Friesland en de Friezen. Gids voor reizenden*. Leeuwarden, 1877, p. 81 en yn: S. Sr. Coronel. *Herinneringen aan de historische tentoonstelling*

van Friesland. Leeuwarden, 1878, pp. 131-132. It ferhaal om de Ouwe Griep hinne wie fansels ek nijsgjirrich.

- ¹⁵ *Gids voor de bezoekers der Historische Tentoonstelling van Friesland gehouden in Z.M. paleis te Leeuwarden in den zomer van 1877*. Leeuwarden, 1877, p. 201 resp. 266.
- ¹⁶ Cannegieter wie, sa't wy sjoen hawwe, op 31 maart 1878 notaris te Tsjom wurden. Hy hie niget oan it keatsen en hâlde him doe al lange jierren dwaande mei skiednis en heraldyk.
- ¹⁷ Sjoch foar in beskriuwing fan de wapens (en de klassike bylden): Rudolf Johannes Broersma en Antonij Bernard Dull tot Backenhagen. 'Beelden en heraldiek op het toernooiveld'. Yn: Breuker en Janzen, o.w. noat 5, pp. 138-140.
- ¹⁸ Bogtstra, o.w. noat 5, p. 38. Neffens de mem fan Cannegieter hawwe dyn syn heraldyske tekeningen op de Histoaryske Tentoonstelling in protte wurdearring krigen. Se skreau op 19 juny 1877 oan har soan: 'Uw teekeningen (de wapens) hebben nu reeds de aandacht getrokken van kunstkenners' en op 22 july fan dat jier: 'Uw teekeningen komen op de tentoonstelling steeds met lof af'. Yn: Henk en Mieke Cannegieter, o.w. noat 10, p. 122 resp. 125.
- ¹⁹ *Leeuwarder Courant*, 13 maart 1883, p. 5. De titel fan de lêzing wurdt net yn de krante oankundige, mar op de feestjûn fan 31 july 1883 biedt Cannegieter, neist 'een album, bevattende de namen van alle overwinnaars, die bij de door de commissie uitgeschreven kaatspartijen sedert de oprigting dier commissie hebben gezegevierd' ek noch 'een geïllustreerd opstel over het kaats[s]pel in het algemeen en over de Franeker kaatspartij in het bijzonder' oan (*Franeker Courant*, 2 augustus 1883, p. 2). It yllustrearre opstel is spitigernôch weiwurden, mar Cannegieter syn lêzing - dêr't er de help fan Jan Bogtstra by hân hat - is oant trije kear ta publisearre, earst as (anonyme) feuilleton yn de *Franeker Courant* (fan resp. 1, 8, 15, 22 en 29 july 1883), dêrnei, noch krekt foar de PC fan 1883, as selsstannich boekje, ek anonym en ûnder de titel *Het Kaatsspel. Een en ander over het spel in het algemeen en over de Franeker Vereeniging tot bevordering van het kaatsspel in het bijzonder*, wylst Jan Bogtstra yn syn *Rede* fan 1893 (sjoch noat 5) de measte ynformaasje út Cannegieter syn lêzing ek nochris opnommen hat.

- ²⁰ In kladbrieff fan it PC-beslút is yn it PC-argyf fan it Keatsmuseum te finen, if offisjele beslút yn kaligrafearre skrift, ûndertekene troch alle fiif PC-leden en datearre op 1 augustus 1883, is yn it besit fan Henk en Mieke Cannegieter te Veendam. Yn har ferslaggen fan de feestjûn op 31 july melde de *Leeuwarder Courant* (2 augustus 1883, p. 2) en de *Franeker Courant* (2 augustus 1883, p. 5) it earelidmaatskip fan Cannegieter.
- ²¹ *Franeker Courant*, 2 augustus 1883, pp. 1-2 resp. 5 augustus 1883, p. 2; *Leeuwarder Courant*, 2 augustus 1883, p. 2. De namme fan de graveur, Van Erp, wurdt wol nei bûten brocht.
- ²² *Franeker Courant*, 5 augustus 1883, p. 2.
- ²³ Bogtstra, o.w. noat 5, pp. 38-39. Frijwol deselde lêzing is opnommen yn de *Leeuwarder Courant* fan 16 maaie 1896, p. 1. Dy ferzje giet, sjoen de formulearring, ek tebek op ynformaasje fan de PC sels.
- ²⁴ Yn Waling Dijkstra. 'De Oue Griep'. Yn: Cannegieter o.w. noat 14, pp. 114-116 resp. *Friesch Volksblad*, 20 maaie 1877, p. 3 resp. *De Bijekoer; Frysk Jierboekje for 't jier 1882* p. 73-78.
- ²⁵ Under it skriuwen fan dit stik waard it Waling Dykstra-argyf yn Tresoar op 'en nij oardere. Yn it âlde argyf waarden de brieven bewarre yn Briefsamling Waling Dykstra, map 63, nûmers 172-174. It brief yn it Keatsmuseum is ûnderdiel fan it PC-argyf yn dat museum.
- ²⁶ It Keatsmuseum hat it gedichtsje allinnich yn in ôfskrift fan Jan Bogtstra. Tresoar hat it yn in ôfskrift fan Waling Dykstra sels, mar dat wie ûnder it skriuwen fan dit stik tydlik net yn te sjen.
- ²⁷ Neffens Cannegieter gie it by de bal om 'eene zaak, die, ja oppervlakkig zou men zeggen, louter voor vermaak moet dienen, maar waarin ik - zeker ook met U - wat meer zie, namelijk eene poging om een flink en ferm - den Friezen passend - nationaal volksvermaak in stand te houden, dat de bewondering opwekt van allen die er bij tegenwoordig zijn'. Dy opfetting paste goed yn de byldfoarming fan it keatsen út dy tiid.
- ²⁸ It giet om Gerben Colmjon, taal- en letterkundige én grûnlizzer fan in fêste stavering fan it Frysk yn 1879. Van Loon en Colmjon koenen inoar tige goed: sa wie de earste yn 1883 foarsitter en de twadde skriuwer fan it Selskip for Fryske Tael en Skriftenkennisse, in yn 1844 oprjochte Fryske Bewegingsorganisaasje.

- ²⁹ Brieven fan de kommissaris d.d. 28 july 1883 resp. 30 july 1883, brievekaart fan Jacobus van Loon d.d. 29 july 1883, allegearre yn it PC-argyf fan it Keatsmuseum.
- ³⁰ De feestjûn, mei taspraken en in konsert, waard op 31 july yn De Koornbeurs hâlden foar 'een talrijk publiek'. Sprekkers wienen resp. Jan Bogtstra, boargemaster A. Ferf fan Frjentsjer, dy't út namme fan de kommissaris Jan Bogtstra de PC-bal oanbea, Petrus Lycklama à Nijeholt, âld-boargemaster fan Frjentsjer, en Dominicus Cannegieter. Sjoch foar in wiidweidich ferslach: *Franeker Courant*, 1 augustus 1883, pp. 2-5.
- ³¹ *Friesch Volksblad*, 12 augustus 1883, p. 3. It gedicht fan Waling Dykstra wie oars ek net sa sterk: it rym is op ferskillende plakken swak ('neat' op 'great', in foarm fan eachrym; 'Fries' op 'priis', net iens mear eachrym en mei twa ferskillende lûden) en de dichter brûkt achterinoar twa ferskillende foarmen fan 'hawwe' ('ha' yn rigel 1 en 'het' yn r. 2 (dat mooglik ek al in foarm fan eachrym op 'hwet' ('wat') wie).
- ³² *Friesch Volksblad*, 7 jannewaasje 1883, p. 1.
- ³³ Sa't ik hjirfoar al skreaun ha, frege de kommissaris Jan Bogtstra om help by de útfiering fan de bal, dy't op syn bar Cannegieter ynskeakele. Dykstra seach Cannegieter blykber as in soarte fan boadskippejonge. Sa is er yn alle gefal behannele: hy moast it ferfelende boadskip oerbringe, wylst Bogtstra oars samar mei de pin klear stie. Hat Cannegieter syn earelidmaatskip (mei) tsjinne as in doekje foar it blieden? Safolle hied er, goed besjoen, no ek wer net foar de PC út de wei set.
- ³⁴ It gedichtsje wurdt yn de Waling Dykstra-hânskriften bewarre, dy't op ûnder it skriuwen fan dit stik op 'en nij oardere waarden.
- ³⁵ Lycklama à Nijeholt stjoerde in op 12 july 1884 datearre brief oan Jan Bogtstra, dêr't er ûnder mear yn skreau dat er foar dat jier wol wer in medaille beskikber stelle woe en fierder dat Van Eysinga him yn 1883 oanjûn hat dat dy 'ook wel eens wat wou doen voor de instandhouding van het kaatsfeest.' (it brief is it finen yn it PC-argyf fan it Keatsmuseum).
- ³⁶ *Leeuwarder Courant*, 23 maaie 1907, p. 5.
- ³⁷ [Jacobus] v[an] L[oon]. 'De Franeker Kaatspartij. Woensdag 30 Julij.' Yn: *Leeuwarder Courant*, 24 july 1884, p. 5. Van Loon ûnderhâldt ek nei 1883 noch wol de kontakten mei de PC. Sa stjoert Jan

- Bogtstra him (foar 't neist yn maart 1894) in ek-simplaar fan syn *Rede* (1893). Van Loon betanket him dêrfoar yn syn brief fan 19 maart 1894 (PC-argyf Keatsmuseum), mar hy wiist Bogtstra ek op in oantal (lytsere) flaters fan dy syn werjefte fan Van Loon syn PC-gedicht yn de *Rede* (p. 39).
- ³⁸ It gedicht is te finen yn de *Friesche Volksalmanak voor het jaar 1886*, pp. 35-38 en yn *Sljucht en Rjucht*, jrg. 1 (1897), pp. 150-151, de útlis fan it spul yn *Uit Friesland's Volksleven I*. Leeuwarden, 1895, pp. 302-307 (op de siden 306-307 hellet er nochris it ferhaal oer de Ouwe Griep op). De trije útjeften fan 'By 't Priis-oerlangjen' binne net gelyk: it belangrykste ferskil is dat dy fan 1877 'mar' 16 kwatrinen telt, wylst dy fan 1886 en 1897 beide op 20 útkomme.
- ³⁹ Cannegieter, o.w. noat 13, p. 97 resp. Jager en Schroor o.w. noat 13, p. 23. Martin wie in tige bekend tekener fan histoaryske ûnderwerpen. Sa wied er op de Histoaryske Tentoonstelling fan 1877 mei tsientallen tekeningen fertsjinwurdige.
- ⁴⁰ Sjoch: 'De zilveren bal der Franeker kaatspartij'. Yn: *Leeuwarder Courant*, 16 maaie 1896, p. 1. It PC-argyf fan it Keatsmuseum befettet in '(betelle) rekken d.d. 8 augustus 1883 fan A. Martin oan Jan Bogtstra 'Voor het teekenen van een ontwerp van de Zilveren Bal der Franeker Kaatspartij f 20,00'.
- ⁴¹ Sjoch 'Uit de Provincie', *Leeuwarder Courant*, 24 maaie 1900, p. 5.
- ⁴² Yn: Pier Boorsma, Teake Oppewal en Geertrui Visser. *Spiegel van de Friese poëzie [...]*. Amsterdam, 2008³, p. 84. It kwatryn giet sa: 'It libben jowt, mei stean en fallen,/ Rjue driuwerkes nei stive ballen:/ Kom Keatser! Lit de ljue lûd roppe,/ Siz neat, mar slach de ballen boppe !' Sjoch foar in neiere taljochting: Breuker, o.w. noat 1, pp. 167-169.
- ⁴³ It partoer fan 1885 bestie út Sjirk de Wal, Klaas Boorsma en Auke Miedema, dat fan 1885 út Klaas Boorsma, Sjirk de Wal en Jacob Wassenaar (Sint Jabik). Auke Miedema stiet no as fiifde yn it PC-klassemint (8'-4-0 = 32), Klaas Boorsma as sechsde (7'-4-0 = 29) en Sjirk de Wal as achtste (7'-2-0 = 25).